

De Pest

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 457 5

1e printing 2012

© 2012 Skriuwer: Albert Camus

Oersetter: Syt Palma

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel of rjochtstreeks

by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De Pest

Albert Camus

Oerset troch Syt Palma



Sa't men de iene soarte fan finzenskip útbyldzje kin mei in oarenien, sa kin men dat ek dwaan mei de dingen dy't al as net besteane.

Daniel Defoe

I

De opmerklike dingen dêr't it yn dizze kronyk om giet, hawwe har yn 194., yn Oran ôfspile. Yn 't algemien soe men sizze kinne dat se dêr net thúshearden, om't se wat út 'e toan foelen. Op it earste each is Oran nammentlik in gewoane stêd, in trochsneed Frânske prefektuer oan 'e Algerynske kust.

Ik moat tajaan dat it gjin moaie stêd is. Om't it jin dêr nochal rêstich oankomt, duorret it in skoftsje foar't men yn 'e gaten hat wat eins it ferskil is mei safolle oare hannelsstêden yn 'e wrâld. Hoe kinne jo je bygelyks in stêd foarstelle sûnder downen, sûnder beammen en sûnder tunen, dêr't men gjin wjukken klapperjen en gjin blêden risseljen heart, koartsein in neutraal plak. It wikseljen fan de seizoenen kin men allinnich oan 'e loft sjen. Dat de maitiid yn oantocht is, kinne je allinnich fiele oan de lucht en sjen oan de kuorkes mei blommen dy't jonge ferkeapers ophelje út it gebiet om de stêd hinne; hjir wurdt it foarjier op 'e merken ferkocht. Yn 'e simmer brânt de sinne op 'e hageldroege huzen en sit der in laach jiske op de muorren; men kin it allinnich noch efter slettene blinen úthâlde. Yn 'e hjerst is it dêr lykwols in modderpoel. Moaie dagen binne der inkeld yn 'e winter.

Jo kinne op in noflike wize in yndruk fan in stêd krije, troch te sjen hoe't de ynwenners dêr wurkje, hoe't se dêr leavje en hoe't hja dêr stjerre. Miskien komt it troch it klimaat, mar yn ús stedsje foarmje al dy dingen ien grut gehiel, bart dat allegear op deselde heftige en achteleaze wize. Dat wol sizze dat de minsken har ferfele en har bêst dogge om gewoanten oan te kweken. Us meiboargers binne skreppers, mar altyd om der better fan te wurden. Hja

ynteressearje har benammen foar de hannel en hâlde har yn it foarste plak ûnliddich mei, sa't hja it sels neame, it dwaan fan saken. Fansels hâlde hja likegoed fan wat ferdivedaasje, hja leavje de froulju, pikke in bioskoopke en swimme yn 'e see. Mar om't hja sa ferstannich binne, reservearje hja soks foar sneontejûns en sneins, wylst hja yn 'e wike besykje om in soad jild te fertsjinjen. Jûns, út kantoar wei, komme hja op in fêste tiid byinoar yn de kafees, meitsje in kuierke oer de bûlevaar, altyd deselde, of jouwe har del op har balkons. De begarten fan de jongerein binne heftich en koart, wylst de ûndeugden fan de âlderein net fierder rikke as de jeu-de-boules-feriening, in fleurich fuifke mei kollega's of freonen en de klups dêr't hja foar grou jild kaartspylje.

Men kin sûnder mis sizze dat soks net allinnich karakteristyk foar ús stêd is, mar dat dat eins foar elkenien yn ús tiid jildt. Fansels is it hjoed-de-dei hiel gewoan dat minsken fan moarns ier oant jûns let ta wurkje en dêrnei har tiid fierders yn it kafee mei kaartsjen en keuveljen fergrieme wolle. Der binne lykwols stêden en lannen dêr't minsken bytiden it idee hawwe dat der mear is. Yn 'e regel feroaret soks har libben net, mar hja hawwe har ideeën hân en dat is allinnich al winst. Oran dêrfoaroer is blykber in stêd sûnder ideeën, oftewol in folslein moderne stêd. It is dêrom net needsaaklik en lis presys út hoe't wy hjir leavje. Of de manlju en froulju fersline inoar út 'e haast wei yn de saneamde leafdesdied, of hja kreëarje in mienskiplike gewoante foar langere tiid. In tuskenwei is der meastentiids net. Ek dat mei gjin namme hawwe. By in tekoart oan tiid en besinning, krekt lykas op oare plakken, moatte de ynwenners fan Oran de leafde wol gedachteleas bedriuwe.

Yn ús stêd is it wol in opmerklik ferskynsel dat it sa'n muoite kostje kin om dêr te stjerren. Muoite is eins net it

rjochte wurd, it soe better wêze en neam it ûngeriif. It is nea noflik om siik te wêzen, mar der binne stêden en lannen dêr't jo by sykte bystien wurde, dêr't jo je om samar te sizzen gean litte kinne. Immen dy't siik is, hat ferlet fan tadienens, hy wol graach dat der om him tocht wurdt, dat seit himsels. Yn Oran moat men lykwols tige sûn wêze fanwegen it ekstreme klimaat, it belang fan it sakelibben, de nearzigens fan de sfear, de faasje fan de jûnsskimer en de aard fan it fermeits. Immen dy't siik is, fielt 'm hjir och sa iensum. En dan haw ik it noch net iens hân oer immen dy't op stjerren leit, dy't finzen sit efter hûnderten gleonhjitte muorren, wylst op itselde stuit in hiele befolking foar de tillefoan of yn 'e kafees oer wiksels, frachtbrieven en koartings praat. It sil dúdlik wêze hoe'n ûngeriif oft sels in moderne dea hjir jaan kin yn sa'n ûngefoelige omjouwing.

Dy pear oanwizings folsteane faaks om in idee fan ús stêd te krijen. Men moat soks trouwens net oerdriuwe. It boppesteande giet allinnich oer de banale kant fan de stêd en fan it libben. De minsken slite har dagen hjir sûnder swierrichheden sagau't hja der fêste gewoanten op nei hâlde. En om't ús stêd it foarmjen fan fêste gewoanten no ienkear stimulearret, kin men sizze dat alles optimaal ferrint. Fan dy kant besjoen, is it libben grif net al te opwinend. Yn alle gefallen treffe jo by ús gjin ûngeregeldheden oan. En ús iepenhertige, sympatike en aktive befolking hat by reizgers altyd aardich wat respekt ôftwongen. Uteinlik makket dizze suver wat kleurleaze stêd, sûnder grien en sûnder siel, in rêstige yndruk, en ier of let doddet elkenien hjir yn. Der moat wol by sein wurde dat Oran yn in unyk lânskip ynpast is. De stêd leit midden op in keale heechflakte, mei manjefike hichten deromhinne, oan in baai mei wûndermoaie kontoeren. Mar it is miskien wat spitich dat de stêd mei de rêch nei

dy ynham ta boud waard, sadat de see net te sjen is en men dêr altyd om sykje moat.

Nei it foargeande sil elk grif tajaan moatte dat ús meiboargers perfoarst de ynsidinten net ferwachtsje koene dy't yn it foarjier fan dat jier pleats fûnen en dy't, lykas wy letter begriepen, de earste sinjalen wiene fan de rige slimme dingen dêr't dizze kronyk oer gean sil. Dy feiten sille guon minsken hiel fanselssprekkend fine, wylst it oaren ûnwierskynlik foarkomme sil. Mar al mei al kin in kronykskriuwer mei sokke tsjinstridichheden gjin rekken hâlde. Syn iennichste taak is te sizzen: 'Dit is der bard,' at er wit dat soks yndied bard is, dat it libben fan in hiele befolking dêrtroch beynfloede is, en dat der dus tûzenen tsjûgen binne dy't it djip yn har hert wurdearje sille dat de wierheid sein wurdt.

De ferteller, waans namme jo nei ferrin fan tiid grif oan 'e weet komme, soe trouwens amper yn oanmerking komme en ûndernim soks at it tafal him net yn steat steld hie om in tal útspraken te sammeljen en at er ûnder druk fan de omstannichheden net behelle rekke wie yn alles wat er fan doel is te fertellen. Dat jout him it rjocht om him as histoarjeskriuwer te presintearjen. It seit himsels dat in histoarikus, sels in amateur, him altyd dokumintearje moat. Dat hat de ferteller fan dizze skiednis ek dien: yn 't foarste plak is der syn eigen eachtsjûgeferslach en dêrby dat fan de oaren, om't er troch syn rol yn betrouwen nommen waard troch alle persoanen út dizze kronyk, en as lêste binne der noch de teksten dy't er úteinlik yn 'e hannen kriich. Dêr wol er nei eigen ynsjoch gebrûk fan meitsje. Fierders is er noch fan doel... Mar it wurdt miskien tiid en meitsje in ein oan al dy neiere ferklearrings en omskriuwings. Ik moat mei it ferhaal sels begjinne. It komt nochal krekt mei it ferslach fan dy earste dagen.

De moarns fan de sechtsjinde april kaam dokter Bernard Rieux út syn wurkkeamer wei en stroffele er midden op 'e oerloop hast oer in deade rôt. Sûnder derby nei te tinken treau er it bist fuortdaliks fansiden en rûn nei ûnderen. Mar mei't er bûten stie, tocht er ynienen: dy rôt heart dêr net. Hy rûn werom en warskôge de konsjerzje. Troch de reaksje fan de âlde Michel seach er earst yn hoe ûngewoan oft syn fynst wie. Wylst hy it allinnich mar frjemd fûn dat dêr in rôt lei, betsjutte soks foar de konsjerzje in skandaal. Dy wie trouwens folslein wis fan syn saak: der wiene gjin rotten yn it gebou. Ek al betsjûge de dokter dat der ien op 'e oerloop fan de earste ferdjipping lei, nei alle gedachten dea, dochs bleau Michel op syn stik stean. Der wiene gjin rotten yn it gebou, dy iene moast fan bûten ôf meinommen wêze. Koartsein, in fyt.

Deselde jûns, mei't Bernard Rieux ûnder yn it treppehûs nei syn kaaien socht foar't er de trep oprûn nei syn appartemint, seach er ynienen efter yn de tsjustere gong in grouwe rôt te foarskyn kommen, wjukkeljend en mei in wiete pels. It bist bleau stean, besocht yn 't lykwicht te bliuwen, sette op 'e dokter ta, bleau nochris stean, draaide him sêft piipjend om en foel einlings del. Ut syn bek, dy't heal iepen hong, rûn wat bloed. De dokter beseach 'm efkes en rûn doe troch nei boppen.

Hy tocht net oan de rôt, mar dy snjit bloed brocht 'm syn eigen noeden en soargen wer yn 't sin: syn frou wie al sûnt in jier siik, en soe de oare deis nei in kueroarde yn 'e bergen reizgje. Hja lei op bêd yn 'e sliepkeamer, sa't er har dat frege hie, om krêften foar de reis op te dwaan. Hja glimke him ta.

'Ik fiel my tige goed,' sei hja.

Har gesicht waard ferljochte troch it bêdlampke. Foar Rieux wie dat tritichjierrige gesicht, nettsjinsteande de

spoaren fan har sykte, noch altyd jong, miskien wol troch har glimk dy't al it oare ferjitte liet.

'Besykje dy mar efkes del te jaan,' sei er. 'De ferpleechster komt moarn om alve oere en ik bring dy tsjin tolven op 'e trein.'

Hy joech har in tút op in klamme foarholle. Har glimk begeliede him oan 'e doar ta.

De oare deis, de santjinde april, om acht oere, hold de konsjerzje de dokter yn it foarbygean oan. Hy beskuldige ferfelende grapmakers derfan dat dy trije deade rotten midden yn 'e gong dellein hiene. Hja moasten se mei grutte fallen fongen hawwe, want se sieten ûnder it bloed. De konsjerzje hie de bisten by de poaten pakt en wie dêr in skoftsje mei yn 'e doar stean bleaun. Hy hie ferwachte dat de skuldigen har dan wol mei de iene of oare spotske opmerking ferriede soene, mar der kaam gjinien.

'Wachtsje mar!' sei Michel, 'ik krij dy smearlappen noch wol.'

Rieux, dy't nijsgjirrich wurden wie, besleat om syn rûnte te begjinnen yn de bûtenwiken dêr't syn earmste pasjinten wennen. It ôffal waard dêr folle letter ophelle en yn de rjochte, stoffige strjitten fan dy wyk ried syn auto hiel ticht by doazen ôffal lâns dy't op 'e râne fan de stoepe stiene. Yn ien fan de strjitten dêr't er trochhinne ried, telde er mear as tsien rotten dy't op it grienteôffal en de smoarge foddren smiten wiene.

Syn earste pasjint lei op bêd yn in keamer mei útsjoch op 'e strjitte. It wie in sliepkeamer en tagelyks in ytkeamer. Yn dy keamer lei in âlde fâlderige Spanjert mei in hurde útdrukking op syn gesicht. Op 'e tekken foar him oer stienen twa panfollen grauwe earte. Doe't de dokter deryn kaam, liet de sike man, dy't heal oerein op bêd siet, 'm krekt

efteroer falle om wer mei syn gnjirjend sykheljen fan in âld-astmalijer fierder te gean. Syn frou brocht in waskkom.

‘No sa, dokter,’ sei er mei’t er syn ynjetsje kriich, ‘se komme foar ’t ljocht, hawwe jo se sjoen?’

‘Ja,’ sei syn frou, ‘ús buorman hat trije rotten fan de grûn oppakt.’

De âldman wreau ‘m yn ’e hannen.

Se komme foar ’t ljocht, je sjogge guon yn alle ôffalbakken, se hawwe honger!’

Rieux hie der net folle muoite mei en konstatearje dêrnei dat de hiele wyk oer rotten prate. Nei’t er klear wie mei syn besiken gong er wer nei hûs ta.

‘Der leit boppe in tillegram foar jo,’ sei Michel.

De dokter frege him oft er ek wer rotten sjoen hie.

‘Om ’e deale net,’ sei de konsjerzje, ‘ik sjoch fansels wol skerp om my hinne en dan doare dy smearlappen net.’

Yn it tillegram stie dat Rieux syn mem de oare deis komme soe. Hja kaam om de húshâlding foar har soan te dwaan salang’t syn sike frou der net wie. Doe’t de dokter yn ’e hûs gong, wie de ferpleechster der al. Rieux seach syn frou stean, hja hie in mantelpakje oan en hja hie har wat opmakke. Hy glimke har ta:

‘Moai sa,’ sei er, ‘hiel goed.’

Efkes letter, by it stasjon, ynstallearre er har yn ’e sliepwagon. Hja beseach de kûpee.

‘Dit is wol wat te djoer foar ús, fynst net?’

‘It kin net oars,’ sei Rieux.

‘Wat is dat dochs mei al dy rotten?’

‘Dat wit ik net. It is frjemd, mar it sil wol wer ophâlde.’

Doe sei er gau tsjin har dat hja it him mar ferjaan moast, dat er better op har passe moatten hie en dat er har gauris ferwaarleaze hie. Hja skodholle om oan te jaan dat er ‘m stilhâlde moast.

‘Mar,’ gong er fierder, ‘alles sil better ferrinne asto werom komst. Dan begjinne wy op ’e nij.’

‘Ja,’ sei hja, mei skitterjende eagen, ‘dan begjinne wy op ’e nij.’

Fuort dêrnei kearde hja him de rêch ta en seach ta it rût út. Op it perron wie it ien en al drokte fan hastige, kringende minsken. Hja koene de lokomotyf sizen hearre. Hy rôp har namme en doe’t hja har omdraaide, seach er dat har gesicht wiet fan triennen wie.

‘Net dwaan,’ sei er súntsjes.

Troch de triennen hinne kaam der dochs noch in wat forsearre glimk. Hja sykhelle djip.

‘Gean no mar fuort, alles komt goed.’

Hy drukte har stiif tsjin ‘m oan en doe’t er efkes letter op it perron stie, seach er oan ’e oare kant fan it rût allinnich har glimk noch.

‘Tink fral goed om dysels,’ sei er.

Mar hja koe him net hearre.

By de útgong, op it perron, moete Rieux de rjochter fan ynstruksje, Othon, dy’t syn jonkje by de hân hold. De dokter frege him oft er op reis soe. Othon, lang en yn ’t swart, like op wat men eartiids in man fan de wrâld neamde, mar ek op in leedoansizzer. Hy antwurde freonlik mar koartôf:

‘Ik wachtsje op myn frou dy’t by myn famylje op besite west hat.’

De lokomotyf fluite.

‘De rotten...’ sei de rjochter.

Rieux makke in beweging nei de trein ta, mar draaide him wer om nei de útgong.

‘Ja,’ sei er, ‘mar dat hat net folle te betsjutten.’

Alles wat him fan dat momint bybleau, wie in spoarman dy’t foarbyrûn mei in kiste fol deade rotten ûnder de earm.

Dyselde neimiddeis ûntfong Rieux oan it begjin fan syn sprekoere in jongfeint, in sjoernalist, dy't neffens sizzen de moarns ek al lâns west hie. Hy hiet Raymond Rambert, wie lyts fan stal, hie brede skouders en in fêstberet gesicht mei kleare, yntelliginte eagen, wie sportyf klaaid en joech de yndruk dat er it libben wol oan koe. Hy gong rjocht op syn doel ôf. Hy die foar in grut deiblêd yn Parys ûndersyk nei de libbensomstannichheden fan de Arabieren en hy woe graach ynljochtings oer har sûnens ha. Rieux sei tsjin him dat dêr noch wol it ien en oar oan mankearre. Mar foar't er dêr fierder op yngong, woe er witte oft de sjoernalist de wierheid skriuwe koe.

'Jawis,' sei de oare.

'Ik bedoel, meie jo ûnbehindere krytyk uterje?'

'Net alhiel, nee, mar ik gean der fan út dat dêr gjin reden foar is.'

Rieux sei sûntsjes dat der foar sokke krytyk yndied gjin reden wie, mar dat er it frege om der wis fan te wêzen oft Rambert al as net folslein foar de wierheid útkomme koe.

'Ik akseptearje allinnich folsleine iepening fan saken en sil jo dus ek net helpe mei ynformaasje foar jo ferhaal.'

'Dat is de taal fan Saint-Just,' sei de sjoernalist glimkjend.

Sûnder syn lûd út te setten sei Rieux dat er dat net wist; it wie de taal fan immen dy't syn nocht hat fan de wrâld dêr't er yn libbet, mar dy't lykwols fan syn meiminsken hâldt en besletten hat om, fan syn kant, gjin ûnrjocht en konsesjes te akseptearjen. Mei de holle tusken de skouders seach Rambert de dokter oan.

'Ik leau dat ik jo begryp,' sei er, en hy gong oerein.

De dokter rûn mei him oan 'e doar ta:

'Ik tankje jo dat jo it sa opfetsje.'

It like wol oft Rambert ûngeduldich waard:

‘Ja,’ sei er, ‘ik begryp it, nim my net kwea ôf dat ik jo steurd haw.’

De dokter joech him in hân en sei tsjin him dat er in nijsgjirrige reportaazje meitsje koe oer de grutte oantallen rotten dy’t op dat stuit yn ’e stêd fûn waarden.

‘Is dat sa?’ rôp Rambert, ‘dêr haw ik wol ynteresse foar.’

Doe’t de dokter om fiif oere ta de doar út gong om syn besiten te riden, kaam er op ’e trep in noch jonge man tsjin. Hy wie stevich boud mei in bienbitich gesicht en tsjokke wynbrauwen. Hy hie him in pear kear moete by de Spaanske dûnsers dy’t op ’e boppeste ferdjipping fan it gebou wennen. Jean Tarrou rookte mei ynmoed syn sigaret wylst er nei de lêste stûpen fan in rôt seach, dy’t op in treed fan de trep oan syn fuotten lei te stjerren. Hy seach de dokter rêstich oan mei syn skerpe grize eagen, groete him en sei der efteroan dat it in opmerklik ferskynsel wie, dy rotten dy’t oeral foar ’t ljocht kamen.

‘Ja,’ sei Rieux, ‘mar it wurdt op ‘en doer ferfelend.’

‘Yn guon dingen, dokter, allinnich yn guon dingen. Wy hawwe sokssawat gewoan noch nea sjoen, dat woe ‘k mar sizze. Ik fyn it lykwols ynteressant, ja, werklik ynteressant.’

Tarrou striek syn hier nei efteren, seach nochris nei de rôt, dy’t no gjin beweging mear makke, en sei glimkjend tsjin Rieux:

‘Dizze saken, dokter, geane fral de konsjerzje oan.’

Tafallich seach de dokter de konsjerzje by de foardoar stean, wylst er tsjin de muorre oan line. Hy seach der wat wurch út, wylst er gewoanlik in moaie kleur hie.

‘Ja, ik wit it,’ sei de âlde Michel tsjin Rieux doe’t dy him de nije fynst foar de oandacht brocht. ‘Jo fine se no by twaen en trijen tagelyk. Mar yn ’e oare huzen giet it krektaljk.’

Hy seach der ôfmêde en oandien út en hy wriuwde ‘m

sûnder erch yn 'e nekke. Rieux frege him hoe't er 'm fielde. It seit himsels dat er net sizze koe dat it net sa goed gong. Yn alle gefallen wie er net fit. Neffens him kaam it fan syn geastlike tastân. Dy rotten hiene him in opmiter jûn en alles soe folle better ferrinne at se wer fuort wiene.

Mar doe't de dokter de oare moarns, de achttjinde april, syn mem fan it stasjon helle hie, kaam er Michel wer tsjin. Dy seach der no noch folle minder út: fan de kelder ôf oan 'e souder ta leine der in tsiental rotten op 'e treppen. De ôffalbakken fan de oanbuorjende huzen sieten grôtfol rotten. De mem fan de dokter hearde it nijs oan sûnder har dêroer te fernuverjen.

'Dat binne dingen dy't barre kinne.'

De frou wie lyts fan stal mei sulverwyt hier en freonlike, donkere eagen.

'Ik bin bliid om dy wer te sjen, Bernard,' sei hja. 'Dêr dogge dy rotten neat oan ôf.'

Hy joech har gelyk, yn har bywêzen like alles altyd makliker te gean.

Dochs skille Rieux mei de gemeentlike rottebestridings-tsjinst, dêr't er de direkteur fan koe. Hie Mercier al praat heard fan it grut tal rotten dy't foar 't ljocht kamen en dan stoaren? De direkteur wie dêrmei bekend, sels yn syn kantoar by de kaai hiene hja sa'n fyftich rotten sjoen. Hy hie 'm lykwols ôffrege oft it om in earnstige saak gong. Dêr koe Rieux net oer oardielje, mar hy fûn wol dat de bestridingstsjinst yn aksje komme moast.

'Ja,' sei Mercier, 'yn opdracht fan hegerhân. Asto tinkst dat it werklik de muoite wurdich is, dan kin ik besykje dy opdracht te krijen.'

'Soks is altyd de muoite wurdich,' sei Rieux.

Syn wurkster hie him krekt ferteld dat der hûnderten

deade rotten fûn wiene yn it fabryk dêr't har man wurke.

Yn dat tiidrek likernôch begûnen yn alle gefallen ús meiboargers har soargen te meitsjen, want fan de achttjinde ôf waarden nammentlik mei hûnderten tagelyk deade rotten fûn yn fabriken en pakhuzen. It barde wol dat men guon bisten ôfmeitsje moast, om't de deastriid te lang duorre. Fan de bûtenwiken ôf oant yn it sintrum, oeral dêr't Rieux foarby ried en oeral dêr't ús meiboargers byinoar kamen, leine protten rotten, yn 'e ôffalbakken en yn lange rigen yn 'e goaten. Fan dy dei ôf begûnen de jûnsblêden har mei de saak yn te litten. Hja fregen oft it gemeentebestjoer al as net fan doel wie en ûndernim wat en hokker needsaaklike maatregels oft hja op it each hiene om de minsken tsjin dy walchlike ynvaazje te beskermjen. It gemeentebestjoer hie 'm hielendal noch neat foarnommen, mar hold no in gearkomste om de saak te behanneljen. De rottebestridingstsjinst kriich opdracht en sammelje alle dagen de deade rotten, moarns betiid. Dêrnei moasten se mei twa auto's fan de tsjinst nei de ôffalferbrâning brocht wurde om ferneatige te wurden.

De dagen dêrnei waard de situaasje lykwols hurd slimmer. It tal kjifdieren dat hja byinoar fandelen, naam hieltyd ta en de risping wie alle dagen noch wer grutter. Fan de fjirde dei ôf kamen de rotten yn kloften foar 't ljocht om mei-inoar te stjerren. Yn lange rigen kamen se al waggeljend út alle gatten en hoalen, sûtterrêns, kelders en rioelen op it deiljocht ôf, om dêr yn 't rûn te draaien en te stjerren ticht by de minsken. Nachts hearde men dúdlik yn gongen en steechjes it sêfte piipjen fan har deastriid. Moarns leine se gewoan yn 'e goaten fan de foarstêden, mei in bloedblomke op 'e puntige snút. Guon wiene opswold en yn ûntbining, oaren leine der ferstive by mei de snor noch omheech. Yn 'e binnenstêd seach men se yn lytse groepkes

op 'e trepportalen of op 'e pleintsjes lizzen. It barde ek wol dat guon allinnich kamen om dea te gean yn 'e sealen fan de oerheidsgebouwen, op skoalpleinen, soms op terraskes. Us ferstuivere meiboargers seagen se op 'e drokste plakken fan de stêd lizzen, sels hjir en dêr op de Place d'Armes, de bûlevaars en de strânpromenade. Moarns betiid waard de stêd skjinmakke, mar yn 'e rin fan de dei ferskynden der hieltyd wer nije kadavers, sa njonkelytsen wat langer wat mear. It kaam mannich nachtlke kuierder oer dat er op it trottoir ûnder syn foet de fearkrêftige substânsje fan in noch farsk kadaver fiede. Men soe hast sizze dat de ierde sels, dêr't ús huzen op stiene, himsels suvere fan syn oerstallich focht, as oft stienpûsten en bludrige ottermearje dy't oant no ta ûnderhûdsk bleaun wiene, nei bûten kamen. Jo kinne je de ferbjustering fan ús stedsje yntinke dêr't it sa rêstich wie en dat yn in pear dagen tiid folslein yn ûnstjoer rekke, lykas in sûne man waans bloedsirkulaasje op slach hielendal ûntregele wurdt!

It gong sels safier dat it buro Ransdoc (foar ynljochtings en dokumintaasje; alle ynformaasje op elk gebiet) yn syn radioustjoerings mei fergese berjochten oankundige dat der allinnich al op 'e fiifentweintichste fan dy moanne seistûzen twahûndert ienentritich rotten ophelle en ferbrând wiene. Dat sifer dat presys werjoech wat der 'm alle dagen yn 'e stêd ôfspile, makke de alteraasje noch grutter. Oant dat stuit ta hie it net mear as in wat wearzich barren west, dêr't de minsken har oer beklagen. Hja beseften no dat der fan dat ferskynsel, dêr't men noch de omfang noch de oarsaak fan neigean koe, wat bedriigjends útgong. Allinnich de âlde astmatyske Spanjert wriuwde 'm hieltyd mar wer yn 'e hannen wylst er mei senile opteinens iderkear rôp: 'Se komme foar 't ljocht, se komme foar 't ljocht.'

Mar de eangst yn 'e stêd berikte in hichtepunt doe't Rieux de achttweintichste april meidielde dat der achttûzen rotten ophelle wiene. De minsken fregen om radikale maatregels en de autoriteiten krigen de skuld. Guon minsken dy't in hûs oan 'e see hiene, lieten it yn har omgean om dêr har yntrek te nimmen. Mar de oare deis liet it buro Ransdoc witte dat der ynienen in ein oan it ferskynsel kommen wie en dat de rottebestridingstsjinst mar in lyts tal deade rotten sammele hie. De stêd koe wer rom sykhelje.

Dochs barde it dyselde deis om tolve oere hinne, dokter Rieux hie syn auto noch mar goed en wol foar de doar set, dat er oan 'e ein fan de strjitte de konsjerzje muoisum tichterby kommen seach; hy hie de holle foardel en de earms en skonken wiid útinoar, as wie er in marionet. De âldman line op 'e earm fan in preester, dy't de dokter koe. It wie pater Paneloux, in erudyt en striidfeardich jezuyt dy't er wolris moete hie en dy't yn ús stêd heechachte waard, sels troch lju dy't neat hawwe moasten fan godstsjinstige saken. Rieux bleau yn 'e auto op har sitten te wachtsjen. De eagen fan de âlde Michel skitteren koartsich en hy smûgde frijwat. Hy hie him net goed field en wie dêrom nei bûten ta gongen foar wat frisse lucht. Mar om't er sa'n ferskuorrende pine yn 'e hals, oksels en ljiskan hie, hie er wol werom nei hûs moatten, mei de help fan pater Paneloux.

'It binne swolms,' sei er. 'Ik sil my wol te drok makke hawwe.' Mei de earm troch it portiersfinster befelde de dokter de ûnderkant fan Michel syn hals; dêr siet in soarte fan hurde knobbel.

'Jo moatte op bêd en de temperatuer opnimme, op 'e neimiddei kom ik wol efkes oan.'

Doe't de konsjerzje fuort wie, frege Rieux oan pater Paneloux wat er fan it rotteferskynsel tocht.